

Dorpscanon van Folsgeare

Earste skoalle fan Folsgeare



© Foto útjouwerij van der Meulen bv Snits

Earste skoalle fan Folsgeare

Al iuwen is de skoalle it middelpunt yn it doarp. Yn it tsjerke argyf kinne wy lêze dat yn 1685 in part fan'e pastorijsgeboude is ta klasselokaal en dat Douwe Douwes in heale baan as ûnderwizer hie.

Yn 1806 wurdt de skoalwet ynfierd. Yn dizze wet is regele dat allinne it iepenbier ûnderwiis subsidiearre wurdt. Yn Folsgeare bestiet de wisk om in skoalle te stichtsjen, maar earst yn 1834 komme de tsjerkfâden by elkoar om te praten oer de fraach wêr't dizze iepenbiere skoalle stean komme moat. Nei in lange gearkomste beslute se dat it bêste plak foar in skoalle oan'e noardeastkant fan'e tsjerke is. De yngong fan'e skoalle soe dan oan de Skeender komme te lizzen. Der komt tsjinstân, foaral om't de skoalle dan bûten it doarp komt te stean en dat de boer fan'e pastorijsgeboude in stik greide kwyt rekket.

In pear jier letter komme de tsjerkfâden wer byelkoar, no mei it plan om de grêft oan'e súdkant fan'e tsjerke te dimpen en dêr de skoalle te bouwen. De skoalle stiet tichter by it doarp en it kostet de boer gjin greide. Dit plan wurdt oannommen. De terprûn fan it "Tsjerke pôltsje" is fan te grutte wearde om der in grêft mei te dimpen, der wurdt grûn fan earne oars oanfierd. Foar de finansiering

Dorpscanon van Folsgeare


Earste skoalle fan Folsgeare

geane se mei in yntekenlist by de doarren del en dêrnêst lient de tsjerke fl 1000,- fan Jelle Douwes Bouma dy't boer op Bons is.

It ûntwerp fan 'e skoalle wurdt makke troch de ferneamde stedsarsjitekt Pyter Jentjes Rollema út Snits. Hy makke û.o. it ûntwerp foar de rjochtbank yn Snits, de meniste tsjerke oan 'e Singel en pânien oan it Kleinzand dêr't no it skipfeartmuseum yn fêstige is.

Nei de oanbesteging komt Jacob Brugsma fan Achlum út 'e ynskriuwingen as leechste út 'e bus mei in bedrach fan fl 1998, -. Under it tasjend each fan kastlein Roel Uiltjes Hoekstra wurde yn 'e herberch fan it doarp (Tsjaerddyk 38) de papieren tekene troch de tsjerkfâden P.G.van der Goot, Fedde O. Breeuwsma en G.F.van der Meer.

Yn 'e Ljouwerter Krante wurdt in oprop dien foar in ûnderwizer fan twadde of tredde rang. In ûnderwizer twadde rang moast lêze en skriuwe kinne, kennis ha fan de Nederlânske taal en de begjinsels fan 'e rekkenkunst behearskje, ynklusyf it rekkenjen mei breuken. By de twadde rang moast de persoan ek kennis ha fan ierdrykskunde en skiednis. De ûnderwizer sil in jiertraktemint krije fan fl 200,- út 'e gritenijkas en fl 25,- út 'e tsjerkfâdijponge foar it lieden fan 'e klok, it tinken om it oerwurk ensafuorhinne. Tagelyk hat hy fergees wenjen en kriget it skoaljild fan 30 à 40 learlingen. De gadingmakers moatte harren op 30 septimber 1843 moarns om 9.00 oere melde op it Gritenijhûs om eksamen te dwaan foar de funksje. Marten.H.Reitsma fan Ysbrechtum komt hjir as bêste út. Hy wurdt de earste ûnderwizer, twadde rang, yn 'e nije skoalle.



Dorpscanon van Folsgeare

Earste skoalle fan Folsgeare

Op 6 desimber 1843 wurdt de skoalle feestlik iepene. De ûnderwizer wennet yn it westlike part en de learlingen sitte yn it eastlike part fan it gebou. It stik dimpte grêft nêst de skoalle wurdt troch de master as tún en bleek brûkt. Master Marten Reitsma sil hjir mei syn frou Durkje Bakker 12 jier bliuwe. Syn opfolger Cornelius Livius Nauta fan De Lemmer komt op 17 sept 1855 as master twadde rang en sil hast 30 jier bliuwe.

Ein 1885 wurdt de “Vereniging van christelijk lager onderwijs” yn Folsgeare oprjochte. De statuten wurde op 7 maart 1886 by keninklik beslút goedkard. De gemeente begjint no te kiezzebiten oer it eigendomsrjocht fan it besteande skoalgebou mei wenning. Der wurdt besletten dat it gebou eigendom bliuwt fan’e tsjerke, mar dat de ynboel fan it klasselokaal fan’e gemeente is. De gemeente kart dêrnei it besteande skoalgebou ôf. Dat de nije feriening stiet dêrnei fuortendaliks foar de kar fan óf ferbouwe óf nijbou. Der wurdt besletten in nije skoalle tsjin de âlde skoalle oer te bouwen. It besteande gebou wurdt no hielendal masterswenning.

It wenhûs wurdt troch de tsjerke as “schoolhuizinge” oan’e skoalferiening ferhierd. It bliuwt masterwenning oant 1973. Dêrnei tsjinnet it tydlik as beukerskoalle.

Yn 1974 ferkeapet de tsjerkfâdij it gebou foar fl 5000,-- Under lieding fan Johan van der Wal, de doetiidske foarsitter fan’e “Werkcommissie Dorpshuis Folsgeare”, wurdt it pân mei meiwurking fan in soad frijwilligers omtsjoend ta doarpshûs. Foar de namme fan it doarpshûs waard in priisfraach útskreaun. Dizze waard wûn troch mefrou Cnossen-Piersma. Hja betocht de namme “Yn’e Lijte”, om’t je binnen ‘yn’e lijte’ sitte kinne en it gebou stiet ‘yn’e lijte’ fan’e tsjerke. De iepening wurdt dien troch boargemaster Bendiks Walter Cazemier fan Wymbritseradiel.



Dorpscanon van Folsgeare

Earste skoalle fan Folsgeare

It dorps hûs foarsjocht yn in ferlet, mar wurdt troch de nijbou yn it doarp op in bepaald stuit te lyts om alle bewenners herbergje te kinnen. Der komt yn 1988 in nij doarpshûs oan'e Folsgeasterleane en it âlde pân wurdt ferkocht.



Erwin en Karin Huitema hawwe it pân yngeand opknapt en it de âlde útstrieling wer werom jûn.

Nei harren ferhuzing is Frank Gort de nije bewenner.

foto's Wytske Heida

Colofon

Tekst: A. Bruin

Bewerking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Wytske Heida, Atse Bruin, db Folgeare, útjouwerij van der Meulen bv Sneek

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.